

Oarder foar de Fryske tsjinst
foar snein 8 april 2018 om 11.00 oere
yn 'e Bonifatiustsjerke fan Damwâld



Foargonger:
dhr T.R.A.Simonides út Burdaard

Liet foar de tsjinst gesang 221: 1 en 3

- 1 Wês begroete, earstling fan de dagen,
moarn fan de ferrizenis,
no't dyn glâns de tsjusternis ferjage
en de dea ferbrutsen is.
Heare Jezus, treast fan allegearre,
lit dit ljocht net yn ús herten stjerre,
dat fan de-iivge sabbatdei
ús in wjerglâns barre mei.
- 3 Yn jo hoede bin wy wol-bewarre,
as de dea ús each berint.
Hok in hearlikheid sil ús wjerfarre,
as ús peaskemoarn begjint.
Hok in dei, as wy Jo hulde dogge,
wy Jo mank de ingelekoaren sjogge,
steande yn 't ûnstjerlik ljocht,
Hear, dat it sa wêze mocht!

Wolkom en meidielings

Begjinliet psalm 100 : 1 en 2

- 1 Kom, ierde, sjong foar God de Hear.
Doch wat Hy wol en hâld dij klear
om, bliid yn Him dy 't oer dij giet
syn lof te sjongen yn dyn liet.

2 De Hear is God. Hy naam 's oan.
Hy hat ús makke_en yn 'e moarn
ropt Hy syn keppel leafdefol
nei 't fjild dêr 't Hy har weidzje wol.

Stil gebed

Bemoediging en groet

Gebed om in segen oer de tsjinst

Sjonge psalm 100 : 3 en 4

3 O sjong in liet mei mûle_en hert.
Gods poarten binne_al iepenset.
Rop dan Gods namme foar syn troan.
mei lof en tank yn earbied oan.

4 Kom yn, kom yn; de Hear ferseit
in oerfloed fan woldédichheid.
syn heil is ivich, elk geslacht
wit fan syn trou en ken syn macht.

Wurd bij snein 8 april

Sjonge gesang 323 : 1 en 8

1 God wol by ús wêze, God is yn 't fermidden,
heart ús stil en dimmen bidden.
Lit no elk mei earbied bûge foar syn troane,
Him herts-ynlik tank betoane.
Wa't Him ken, is syn bern,
draacht Him fan syn berte
djip yn 't eigen herte.

8 Hear, wol yn my wenje en myn hert tariede
ta jo timpel hjir op ierde.
Jo, my nei en eigen, wol by my ynkeare,
dat ik libje ta jo eare.
Wêr't ik gean, sit of stean,
lit my stil-fernoege
foar jo wêzen bûge

Gebed om de Hillige Geast

Lêze Johannes 20 : 24 - 31

Jezus en Tomas

len fan 'e tolve, Tomas, dy't 'Twilling' hiet, wie net by harren doe't jesus kaam. Doe seinen de (oare) learlingen tsjin him: Wy hawwe de Hear sjoen. Mar hy sei tsjin harren: As ik yn syn hannen de plakken fan 'e spikers net sjoch, en myn finger net yn it plak fan 'e spikers stek en myn hân net yn syn side lis, sil ik it noait leauwe. In wike letter wienen syn learlingen wer yn 'e hûs en Tomas wie by harren. Jezus kaam, wylst de doarren op 't slot wienen, Hy stie ynienen yn it fermidden en sei: Frede jimme! Fierders sei Er tsjin

Tomas: Kom hjir mei dyn finger, hjir binne myn hannen; kom hjir mei dyn hân en lis My dy yn 'e side en wês net langer ûnleauwich, mar leau! Tomas antwurde Him: Myn Hear en myn God! Jezus sei tsjin him: omdatsto My sjoen hast, leausto? Gelokkich binne dy't net sjoen hawwe en doch leauwe.

Ta beslút

Jezus hat yn it bywêzen fan syn learlingen noch folle mear tekens dien, dy't net yn dit boek beskreaun binne; mar dizze binne beskreaun, dat jimme leauwe meie, dat Jezus de Kristus is, de Soan fan God en dat jimme troch te leauwen, libben hawwe meie yn syn namme.

Lêze Hebreëën 11 : 1 - 3

It leauwen

Wat is it leauwen? De fêste grûn fan wat men hopet, it bewiis fan 'e dingen dy't men net sjen kin. Om dat leauwen binne de minsken út âlde tiden troch God mei eare neamd. Om 't wy leauwe, fersteane wy, dat de wrâld makke is troch it sprekken fan God en dat sadwaande wat wy sjen kinne, net ûntstien is út wat wy waarnimme kinne.

Sjonge gesang 218: 1, 2 en 8

1 Godlof, Hy libbet en ik sis
it rûn yn lân en gea,
dat Hy yn ús fermidden is,
Hy, opstien út 'e dea.

- 2 Ik sis it rûn, dat elkenien
it fierder drage sil'
de dage_is oer de loft en gien,
it Godsryk is op til.
- 8 Godlof, Hy libbet, stiet ús by
yn striid en iensumheid.
Hy makket alle dingen nij
yn tiid en ivichheid.

Oertinking

Sjonge gesang 215: 1, 2 en 3

- 1 Kristus is ferriisd mei macht,
halleluja!
Hillge dei nei neare nacht,
halleluja!
Dy 't ferhege waard oan 't krús,
halleluja!
brocht ús yn Gods frijheid thús,
halleluja!
- 2 Loovje Kristus yn ús liet,
halleluja!
Dy't yn hearlikheid gebiedt,
halleluja!
Him dy 't krús en grêf ferdroech,
halleluja!
dat Hy sûnders 't libben joech
halleluja!

- 3 Mar syn lijen, striid en need,
halleluja!
makke_ús frij fan eangst en leed,
halleluja!
No is Hy allinne Hear,
halleluja!
Ingels sjonge heech en klear:
halleluja!

Tanksizzing en gebeden

Kollekten

Slotliet gesang 217: 1, 3 en 4

- 1 Jezus libbet! Ik mei Him!
dea, soe my dyn angel stekke?
Ja, Hy libbet en syn stim
hat ek my ta libben wekke.
Hy oerljochtet myn bestean –
dêr mei 'k op tefoaren gear.*
- 3 Jezus libbet! dit is fêst,
wêr't myn wegen hinne wike,
'k sil net ûnder leed en lêst
fan de tsjusternis beswike.
Syn neibyheid is myn lean
dêr mei 'k op tefoaren gear.

- 4 Jezus libbet! Troch syn dea
kin de himel iepenlizzze,
mei ik, frijkocht fan 'e dea,
sillich dizze wurden sizze,
wurd ik nei Him opûntbean:
'k Mei op Jo tefoaren gean!

(tefoaren gean op = rekkenje, betrouwe op)

Segen

Sjonge Gesang 456: 1, 2 en 3

- 1 Hear, wol om ús tinke,
ús jo hoede skinke,
set ús libben yn it ljocht
dat jo antlit oer ús brocht.
- 2 Bring troch jo genede
yn ús hert jo frede
en bliuw mei de krêft ús nei,
fan jo Geast by nacht en dei.
- 3 Meitsje_ús trou yn 't striden,
moedich yn 't belieden:
"Jezus Kristus is ús Hear".
Amen, God Jo namme de_ear!